

Gedicht sûnder ein, ynhâld sûnder hâldfêst

FD 23.04.2005

troch Gerbrich van der Meer

De literêre en maatskippij-krityske skriuwster Aggie van der Meer (78) nimt sûnt in pear jier in hiel eigen plak yn yn de Fryske literatuer. Op eigensinnige wize jout se yn poëzy en proaza wer hoe't de wrâld mei syn minsken har oan it hert giet. Dêrby is se de iene kear in stik tagonklikker as de oare kear. Mei har autobiografyske ferhaleroman *Untdekking fan de wrâld* makket se it de lêzer net maklik.

De titel fan 'e ferhaleroman jout al in idee fan wêr't it oer giet: oer in ik-figuer dy't it libben oangiet en stapke foar stapke de wrâld ûntdekt.

De wrâld hat yn elk diel in oar gesicht. Yn it earste diel, 'Bernejieren', folgje wy de ik dy't mei har (fantasije)freontsje Tsjep de wrâld ferkernt. Boalsert is de feilige wrâld, eltse stap dêrbûten in aventoer. De logika is de logika fan in lyts bern. Werklikheid en fantasije rinne troch elkoar. Oeral stiet it bern iepen foar. Alles is mooglik, neat is te gek. Fan weardeoardielen hawwe se noch net heard.

Yn diel II, 'Net langer bern', fer-

liet it bern syn ûnskuld. It docht bliken dat de wrâld mear as ien gesicht hat. Yn in benearjende dream wurdt de ik-figuer troch elkoar skodde mei de wurden: 'Ik meitsje dy los, do sitst der wol moai nei te sjen, mar do silst meispylje moatte ofst wolst of net' (side 49). Wrede kanten komme nei foaren (Twadde Wrâldoarloch), mar ek moaie (leafde sûnder ein). Dat ynsjoch betsjut it ôfskied fan de feilich lykjende bernetiid, dêr't gjin plak mear is foar Tsjep.

Yn it tredde diel, 'De wrâld, in boek mei slanters' (ezelsoren), stiet in nije maat de ik-figuer al op te wachtsjen. It is Kiif, de ivige twivel. „Even woe ik dat Tsjep der wie.”, seit de 'ik' noch op side 64, „Dan soenen wy allinnich bliid wêze. [...] Mar hy is der net, Tsjep, en ik sil net nei him sykje. Hy mei bliuwe dy't er wie, mar ik moat oare klean oandwaan, nije wurden leare, achter de muorren sjen en op 'e wâlskant rinne. Ik mei dûnsje as ik wol, leavje as ik kin, swije as ik bang bin om te sizzen wat ik sizze moat, mar ik sil de twivel dulde moatte.”

As je yn dy komplekse wrâld saken yn 'e kiif sette, kieze je net foar

it maklikste paad. De dûns mei Kiif is noait te'n ein. Hieltid wer giet de 'ik' mei him yn konklaaf. Soms oerarmet se him, soms slacht se him fan har ôf. Mar altyd moat se har ta him en de wrâld ferhâlde, se rekket Kiif noait mear kwyt.

Unmacht

De wrâld dy't te oersjen like foar it bern dat 'bûleblaast en knikkerts telt', is net te beswarren of yn te die-len (side 79), de wrâld is net te fangen yn fêste bylden en oardielen. Dat oaren mei de blynkape foar krekt dogge of kin dat al, makket de 'ik' fûl, lilik. Mar ek ûnseker, omers 'miskien ha se ek wolris gelyk' (side 80). Bytiden slacht ûnmacht ta, mar ek in sekere berêsting as se har eigen lytsminsklikens en hâlden en dragen yn breder perspektyf set. Se wit, âlde patroanen sille har werhelje; in nije wrâld sit der yn earsten net yn.

Hat al dy strideraasje fan de 'ik' dan doel hân? Yn de alderlêste sin krije wy in antwurd: „It útsetten fan in nije wrâld is spannender as guozzebrievje (ganzenborden), mar dat is wol it iennige datst winne kinst.”

It liket of hat Aggie van der Meer

yn foarm de ynhâld werjaan wollen. Want likemin as de wrâld foar in folwoeksene yn al syn wjerstribbigens te befetsjen, is it grutste part fan de ferhaleroman Untdekking fan de wrâld dat. Wylst de wrâld foar it bern noch moai omkadere is, moat de folwoeksen 'ik' alle war dwaan om fet op de wrâld te krijen. Mar dat rêdt er amper op, merke wy. By tiden is der gjin tou oan fêst te knoopen oan al dy yndrukken, dy't de 'ik' opdocht en dy't soms surrealistysk, dan wer allegoarysk of mearkeftich werjûn wurde.

Kearn

Of is it noch oars. Hat de skriuwster krekt wól fet krigen op de werklikheid troch sjen te litten dat er net te befetsjen is? Dat in ynhâld sûnder hâldfêst jin krekt tichter by de kearn bringt. En passet har prachtige, ûnnefolgbere, assosjative, abstrakte, by tiden ûngrypbere styl fan skriuwen dêr net perfekt by. Tink oan sinnen as 'Dy't it sei krige applaus en heinde it gesicht, dat de man ferlear.' (side 69)

„Allegearre moai en aardich”,

kinne je tinke, „mar wat keapje ik dêrfoar? Ik wol ek lekker lêze.” Yndied, foar it lêsgenot jilde oare wetten. Wat fierder je yn it boek komme, wat minder maklik de skriuwster bynei te kommen is. De roman spegelet it werklike libben. It noflik lêsbere part oer de bernetiid omslacht yn de roman mar in tredde part. Dêrnei komt Kiif al om de hoeke sjen. Fan dat stuit ôf krije je gjin sin mear om 'e nocht. It is as poëzy, mar dan sûnder ein. De kop moat derby. It is net lekker efter oer lynje, mar op it puntsje fan 'e stoel sitte. Mar hoefolle minsken hâlde dat foar de lol hûndert siden lang fol? Wier, ik haw genoaten fan har ûnnefolgbere skriuwstyl, har skerpe waarnimmings, har prachtige bylden en byldspraken en har sympatike gefjocht mei har alter ego. As eksperiment is de roman dan ek hiel bysûnder. Dochs miste ik in ferhaalline dy't my troch al dy pronkjes fan obstakels hinne slepe koe.

Untdekking fan 'e wrâld, ferhaleroman, Aggie van der Meer, Utjouwerij Fryslân, priis: 12 euro.